De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

jiergong 40 nûmer 2 **oktober 2009**

Voetbalvereniging S.D.S. Oosterend
anno 10 augustus 1947

Redaksje:	**Adres:**	**tillefoan:**
Sjoerd van Beem	Molewâl 4, 8731 AD Wommels	0515-332482
Willem Wijnia	Walperterwei 21, 8731 CC Wommels	0515-331444
Metsje Huitema	Tywert 4, 8731C L Wommels	0515-333295
Gerard van Asselt	Dobbelân 6, 8734 GZ Easterein	0515-332181
Atty Scheltema	't Heechhiem 1, 8734 GS Easterein	0515-332791
Dirk-Yde Sjaarda	Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein	06-54385633

Ynternetredaksje: Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:		**tillefoan:**	**funksje:**
Douwe Dirk Reitsma	Smidslân 11, 8734 HJ Easterein	0515-332500	Foarsitter
Immie Kamstra	Monsamabuorren 1, 8844 KT Hinnaard	0515-332149	Skriuwer
Willem Twynstra	De Ljits 1, 8734 HL Easterein	0515-332570	Ponghâlder
Andre Vink	De Singel 30a, 8734 HR Easterein	0515-333134	Wedstriidsekretariaat
Sietske Okkema	De Singel 15, 8734HP Easterein	0515-332221	2e ponghâlder
Rudy Dykstra	Stapertstrjitte 11, 8731 CA Wommels	06-22916180	Foarsitter jongerein
Koos Plantinga	De Singel 24, 8734 HR Easterein	0515-332448	Lede-administraasje
Enne J. Bruinsma	De Singel 12, 8734 HR Easterein	0515-332013	PR en Reklame
Durk Okkema	Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein	0515-333005	Sen./Technyske saken

Jongereinkommisje:		**tillefoan:**	**funksje:**
Rudy Dykstra	Stapertstrjitte 11, Wommels	06-22916180	Foarsitter
Ab Scheepvaart	Geins 24, Wommels	0515-332604	Algemien lid
Anco Elgersma	Kon. Wilhelminastraat 90, Snits	0515-851324	Sekretaris
Fokje Breimer	Greate Buorren 13, Kûbaard	0515-331330	Skriuwster
Anne Hallema	De Singel 19, Easterein	0515-332928	Algemien lid
Jan Bouke Bouma	Dobbelân 4, Easterein	0515-532609	Algemien lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1,2 en 3: Gerrit Terpstra
Koördinator SDS 4 en 5: Ids Boersma
Koördinator Futsal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Anke van Asselt
Sekretaresse: Elizabeth Breeuwsma

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Durk Okkema	0515-333005	Foarsitter
Ab Scheepvaart	0515-332604	Skriuwer
Klaas Okkema	0515-332221	Coördinator A- en B-junioren
Dirk de Jong	0515-331351	Coördinator C-junioren
Tsjipke Okkema	06-18296720	Coördinator D-pupillen
Robert Hoekstra	0515-331190	Coördinator E-pupillen
Anne Hallema	0515-332928	Coördinator F-pupillen en afvaardiging jeugdbestuur

Emailadres: Douwe Dirk Reitsma foarsitter douweenjetreitsma@hetnet.nl

Sponsorkommisje

Enne Jeh.Bruinsma	Shirtsponsoring	ennebruinsma@wanadoo.nl
Anne Stenekes	Treffer en website	
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS	
Silvia Hania	Algemien lid	
Pep de Boer	Administraasje	

Aktiviteitenkommisje

Oebele Anema	Klaas Okkema	Eke Sybesma
Geert Hiemstra	Gatske Hiemstra	Annie Sjaarda

Wedstrydsekretariaat

André en Tineke Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein 0515-333134 famviea@hetnet.nl

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

Fersoarging terrein:		**tillefoan:**
Andries Stuiver	A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein	0515-332872

Fersoarging materialen:

Willem Twynstra	De Ljits 1, 8734 HL Easterein	0515-332570
Jan de Jong	De Streek 10, 8734 GR Easterein	0515-331351

Konsul:

Pier Faber	't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein	0515-331750

Bankrelaasje: 34.95.01.033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:		**Tillefoan:**
Easterein:	G. Orsel, De Streek 7, 8734 GR Easterein	0515-331297
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Hidaard:	Harm Bergsma, Skoallestrjitte 46, 8734GN Easterein	0515-332476
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje :

Senioren fjildfuotbal:	€ 57,05	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 41,15	it healjier
A- en B-junioren:	€ 45,30	it healjier
C-junioren:	€ 38,15	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 31,10	it healjier
F-pupillen:	€ 26,95	it healjier

foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij. Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers
Mear ynformaasje bij Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Oanmelding nije leden:
Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar nijere ynformaasje skilje mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).
Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme Koos Plantinga (till. 0515-332448).
Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.
Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Koos Plantinga (till. 0515-332448).
Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek noch in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Nijere ynformaasje is te finen op: **www.vv-sds.nl**

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

Woansdei 9 desimber



Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.
Leafst op skiif of oer de E-mail.
E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de redaksje

De tiid hâldt gjin skoft.
Op de dei dat 'De Kast' offisjeel op nij begjint en neffens eigen sizzen tige bliid is mei it feit dat harren grutste fans yntusken ek mearderjierrig binne, stiet hiel SDS ûnder in kâlde broes. As dit mar gjin foarboade is foar it ferrin fan de rest fan it seizoen.
As je ek dit jier wer sjogge hoefolle minsken harren frywillig ynsette foar SDS, dan kin it allinnich mar goed komme.
Mar wat is 'goed' ?
Is dat; mei us allen in noflik, rimpelleas seizoen draaie en takomme jier sa fjirder kabbelje?
As is dat; de beuk der yn, in tredde fjild en it flaggeskip rjochting de nije 1e klasse?

Yn dizze Treffer ha we u.o in petear mei Dick, wurdt der skille mei Arnoud en nimt us Gearard jim noch ien kear mei yn syn wrâld. Hy smyt de pinne yn de wylgen en dat is tige spitich. Net allinne om syn fantasy ryke stikjes, mar ek om syn bydrages tidens us redaksje gearkomsten. Gerie, bedankt!

(SvB)

Ynhâldsopjefte

Wa is Jacob?

side 6

Foarútblik mei Dick

side 11

Gerard nimt ôfskie

side 28

De Treffer *1*

Fan de redaksje/ Ynhâldsopjefte *3/4*

Fan it bestjoer/Fanút it bestjoer *5*

Oan it wurd: Jacob van Wieren *5*

SDS League: Stân wike 4 earste helte 2009-2010 ..... *8*

Foarútsjen mei Dick *111*

Trainingsfjildyndieling 2009-2010 ..... *133*

Alde doaze *144*

Noppen en naaldhakken/ Hoe stiet it mei SDS? *155/16*

Wy Hyve mei *167*

Fuotbalplaatsjes fan SDS by de Jumbo *188*

Sibe de Seefûgel *19*

Persoanlik *20*

Ledegearkomste *233*

It ljocht op in sponser *244*

SDS 1 – Nijlân 1 ..... *255*

Doelpuntenmakkers senioren en froulju en famkes 2009-2010 ..... *Fout! Bladwijzer niet gedefinieerd.**6***

SDS F4 ..... *27*

Ôfskiedswurd fan Gerard *28*

Fan it bestjoer

It is no al wer begjin oktober en de kompetysjes binne al wer moai op gong. De start fan de trainingen wie foar de jongste jeugd en de dames dit jier yn Itens en Kubaard. We binne tige bliid dat we dêr fan de sportterreinen gebrûk meitsje koenen, omdat it trainingsfjild yn Easterein noch net hielendal klear wie. Tige tank.
It hat fjirders prachtich waar west, dus der binne gelokkich net folle wedstriden ôfsein fanwege it waar. Wol koe de earste de beste wedstriid fan it 1ste net troch gean omdat it yn Dokkum
(en yn de rest fan noard Fryslân) ferskrikkelik reint hie.
It 5e, 6e en de Dames hienen pech dat der wedstriden net troch gienen, omdat de tsjinstanners gjin alvetal leverje koenen.
Foar it earst sûnt jierren giet SDS 1 ek noch fjirder yn de beker, dat is in moaie opstekker.
24 oktober sjogge we hoe't it fjirder ferrint.
It giet dus goed mei SDS! Der komme noch hieltiid mear leden by en dus komme der ek mear teams. Foar de wedstriid yndielingen op sneon is dit in hiel gepuzzel. Soms is it krap en moat de jongste jeugd al foar njoggenen begjinne en einigje de lêste senioaren pas nei seis oere. Dat is ferfelend (ek foar de tsjinstanners), mar it kin efkes net oars.
Op 5 oktober start de fuotbalplaatsjes aksje.
De jeugd is hjirfoar allegearre op de foto kommen en je kinne de foto's garje.
Dit is in prachtich inisjatyf fan de Jumbo en fansels skitterjend foar de bern. Je krije de foto's (krekt as fan de filmstjerren) fergees by de boadskippen.
Elk kin in prachtich boek fol plaatsjes garje en ús fuotballers wurde "wrâld" beroemd.
Gr. Immie

Fanút it bestjoer

We binne wiis mei ús fjilden en die wolle we sa goed mooglik hâlde. Dit hâldt yn dat der búten de wedstryden en yn de rêst net op balle/boarte wurde kin. Dat dit wol es tot nuvere reaksje liede kin is spytich mar we hope op jim begrip en help om dit meiinoar sa goed as mooglik op te pakken.
Der kin fansels foar de klaaiboksen altyd in baltsje skopt wurde.

Dan bin der noch in pear regels fanút de KNVB:
- Alkohol mei net nuttige wurde lâns de kant.
- Der mei gjin publiek binnen de ôfrastering.

At dit wol gebeurt dan kin SDS in fikse boete krye, sonde jild fansels. At we dit foarkomme kinne dan soe dat moai wêze.
It bestjoer

Oan it wurd: Jacob van Wieren

Oan de start fan it fuotbalseizoen sjoche hja somtiden nije nammen by de A-seleksje fan SDS stean. Sa ek dit jier; Jacob van Wieren út Wommels is de namme. Dit seizoen dus foar it earst by it flaggeskip fan SDS, en dat mei best bysûnder fûn wurde want dizze 18-jierrige spits is eins noch in A-junior. Hy krijt no al de kans om him sjen te litten by SDS 1 en docht dat oant no ta eins altyd yn de basisalve. Hoe binne dizze earste moannen him befallen? En hoe sjocht hy de takomst?

Wa is Jacob van Wieren? Beskriuw dysels ris as fuotballer.

Ik stean no hieltiten yn de spits, mar dat is gek genôch noch mar sûnt in pear jier sa. Derfoar stoen ik hieltiten op it middenfjild. Mar yn myn twadde jier yn de B-junioaren gong ik al oer nei de A's ûnder lieding fan Marco Hoekstra. Dêr kaam ik yn de spits te stean en skoarde ik drekt mei myn debút. Dat seizoen makke ik 24 goals en bin ik der noait mear wei rekke. Ik kin no wol sizze dat it my goed befalt op dy posysje.

Hoe fynst it mei dysels gean oan no ta by SDS 1? Is it ferskil ek grut mei de A's?

Yn de tarieding op dit seizoen gong it best lekker. Op dit stuit bin ik wat minder yn foarm. Miskien ûnderskat ik it nivoferskil wol in bytsje tusken de A's en it earste, want dat is dochs wol grut. De wjerstân is no folle grutter. Yn de A's is dat gewoan hiel oars. Der ha je ien fan 18 as tsjinstanner en no binne is soms mannen fan yn de 30 mei folle mear ûnderfining. Op trainingen giet it bygelyks ek noch net sa at ik kin. By de A's wie it altiten aksjes meitsje, no is it folle mear de bal ynleverje.

Hoe wichtich is skoare foar dy as spits?

Winne is wichtiger foar my as skoare. Mar it jout fansels wol in goed gefoel at je skoare of in assist én winne. Dan hast dyn 'wurk' goed dien as spits tink ik.

Do bist dus eins noch A-junior. Hoe fynst it om no al by SDS 1 te sitten. Fynst it bygelyks ek dreech om dyn eigen team 'yn de steek' te litten?

> "Miskien ûnderskat ik it nivoferskil wol in bytsje tusken de A's en SDS 1, want dat is dochs wol grut."

Om earlik te wêzen wol in bytsje, it wol op dit stuit ek net echt. En by

de A's kin iksels folle belangriker wêze as dat ik by SDS 1 kin, myn rol is dêr grutter. Dat is ek logysk. Oan de oare kan lear ik no wol in hiele protte no't ik by it earste team sit. Dat is ek wat wurdich. Ik probearje no gewoan lekker te baljen.

Hoe soedest dyn tiid yn de jeugd fan SDS beskriuwe wolle? Op welke mominten bewarrest dyn beste oantinken?
Dan gean ik wer werom nei myn tiid yn de D1. Ik siet doe yn in team mei jonges as Wytse Lanting en Jort Strikwerda en sa. Dat wie gewoan in geweldich team. We waarden doe twa kear kampioen en yn de beker kamen we doe ek hartstikke fier. Dat wiene in twatal moaie jierren.

> "Ik sjoch net echt foarút yn de tiid. Ik wol gewoan lekker fuotbalje, dat fyn ik folle belangriker."

Wat wolst do berikke yn dyn aktive karrière as fuotballer?
Ik sjoch net echt foarút. Ik wol gewoan lekker fuotbalje, dat fyn ik folle belangriker. Mar mocht ik ris in kear de kans ha om yn de haadklasse te fuotbaljen dan soe ik dat altyd dwaan, sa ambitieus bin ik dan ek wol wer. Mar dat is no net oan de oarder.

Yn it boek 'Hartstikkene Foppe' hat Foppe it oer in saneamde bolderkarre. Binnen in fuotbalteam binne der bepaalde spilers dy't de karre lûke, oaren sitte derop en wer oaren binne wat dwers en sette soms de hakken yn it sân, efter de karre oan dus. Wêr sjochst do dysels stean?
By de A's soe ik op de karre sitte of soe ik de karre ek lûke. By de A's koe ik somtiden wol echt soad seure op medespilers at der in bal net oankaam of dat it gewoan net woe. No by SDS 1 sit ik echt op de karre en kin ik wol krityk ha, der ha ik minder te fertellen. Dat komt trochdat der spilers om my hinne stean dy't better as my binne. Der kin ik wat fan leare, by de A's is dat miskien oars. Mar wat der ek bart, ik ha altyd foar de folle 100% ynset.

Fan welke fuotballer, binnen as bûten SDS probearrest wat op te stekken?
Suárez fan Ajax fyn ik écht in goeie fuotballer. Dêr let ik soms wol wat op, hoe't hy by syn direkte tsjinstanner fuortrint en sa. Der wol ik wolris op lette. Lykas Ibrahimovic fan FC Barcelona. Sa'n technyk, der kin ik allinnich mar fan dreame.

Sjochst dysels oer 15 jier noch yn SDS 1 fuotbaljen?

At ik hjir dan noch wenje en noch sa goed kin fuotbalje wol. Ik ha ôfrûne jier myn HAVO-diploma helle oan it RSG yn Snits en wol wierskynlik takom jier de ALO dwaan yn Grins of Swolle. We sille sjen hoe it rint.

Wer sjochst do dit SDS 1 eindigjen dit seizoen?
It is foar my wol dreech yn te skatten hoe goed de tsjinstanners binne. We sille gjin kampioen wurde, mar ik tink dat we ergens yn de middenmoat eindigje sille.

(DYS)

SDS League: Stân wike 4 earste helte 2009-2010

Stân	Foarige stân	Team:		Wenplak	Wike 3	Wike 4	Totaal	Prizenjild
1	2	Popov 4 Ever	BvB	Wommels	56	484	191	€ 12,50
2	1	Berrieboys	R,P & F	Wommels	37	39	190	€ 12,50
3	3	"The Dike-Side"	D.d.J.	Easterein	44	43	187	€ -
4	5	Op naar de top	M.F.	Easterein	46	41	182	€ -
5	6	t Het noait wat weest, sil noait wat wurde	P.K.	Easterein	48	38	179	€ -
6	7	Camataru	R.Z.	Easterein	44	39	179	€ -
7	4	Jelsmanian Devils	J.S.J.	Easterein	42	34	177	€ -
8	17	Lollumer Stip	T.&S.B.	Lollum	34	43	175	€ -
9	16	FC Sjaak Afhaak	S.W.	Wommels	37	40	173	€ -
10	12	Feuerrrrrr!	E.P.	Wommels	48	35	172	€ -
11	19	Alles op Elyounoussi	P.R.	Wommels	46	40	172	€ -
12	41	El Guapo	K.G.&MR	Wommels	31	45	172	€ -
13	53	Heitiedopoulos	J.D.	Wommels	36	51	172	€ 12,50
14	8	Hey Ho Let´s Go	W.W.	Wommels	52	31	171	€ -
15	27	Master(be) Erik	E.H.	Wommels	41	41	171	€ -
16	37	Team Pussy	T.S.	Ljouwert	39	43	171	€ -
17	10	Durk Okkema	D.O.	Easterein	39	32	169	€ -
18	22	Ozzy	H.E.	Spannum	35	38	169	€ -
19	42	Soesoeky	B.J.P.	Easterein	47	42	169	€ -
20	9	100% Anti-Feyenoord	F.H.	Easterein	32	30	168	€ 12,50
21	23	Team Toering	J.T.	Ljouwert	37	37	168	€ -
22	14	GVR	F.B.	Easterlittens	47	32	167	€ -
23	15	FC Bakkerskonken	S.A.	Mantgum	43	33	167	€ -
24	21	Hjalmar Ruiter	H.R.	Wommels	32	36	167	€ -
25	31	De Hoannepykjes	F.d.H.	Easterein	38	38	167	€ -
26	35	Wonder Team	F.R.	Easterein	41	38	167	€ -
27	26	Hajduk Haitsma	J.Kah.H.	Easterein	40	36	166	€ -
28	64	Posthumus Prime	J.P.	Kamp Holland	39	49	166	€ -
29	28	Happy Feet 4	H.d.H.	Wommels	42	35	165	€ -
30	52	FC Rients	RdB	Easterein	39	43	165	€ -
31	34	The Red Wings	B.S.	Spannum	41	35	164	€ -
32	36	Carolien laat je ****** zien	S.R.	Wommels	37	36	164	€ -
33	46	Jodan Boys	J.B.	Wommels	43	38	164	€ -
34	25	FC Grasmat	E.d.B.	Easterein	33	33	163	€ -
35	39	Sûnder Solve	H.F.	Hidaard	44	35	163	€ -
36	56	Jorine's 11	JvD	Easterein	30	43	163	€ -
37	11	Fit Bliuwe A.U.B.	H.d.J.	Wommels	46	25	162	€ -

38	20	Net ôflasse, please	L.H.	Wommels	47	29	161	€ -
39	13	Hampie Smoothie	H.A.D.	Easterein	45	24	160	€ -
40	18	Hoe fier komt Pier?	P.F.	Easterein	40	28	160	€ -
41	47	Wommels United	T.K.O.	Wommels	30	35	160	€ -
42	50	Boem Boem Baarda	D.Y.S.	Easterein	43	36	160	€ -
43	54	Grensgeval	A.B.	Wommels	48	39	160	€ -
44	24	FC Kakkerlak	K.O.	Easterein	49	28	159	€ -
45	29	Blablablafke	A.F.d.B.	Wommels	47	29	159	€ -
46	38	Anne Steen ooit weer op 1?	A.S.	Wommels	39	31	159	€ -
47	40	FC Solo	S.d.H.	Wommels	49	31	159	€ -
48	32	FC Broja	B.J.G.	Wommels	39	29	158	€ -
49	43	Jaap Trekhaak	P.W.	Wommels	33	32	158	€ -
50	44	Cup Fighters	G.P.	Heerenveen	34	32	158	€ -
51	33	Carolien ben je **** misschien	J.S.	Easterein	39	28	157	€ -
52	51	Peppi & Kokki	T.& P.W.	Wommels	49	33	157	€ -
53	30	Mark Postma	M.P.	Wommels	33	26	155	€ -
54	48	De Dappere Strijders	H.P.	Wommels	33	31	155	€ -
55	58	Altyd boppeoan	D.N	Stiens	42	33	153	€ -
56	60	SuperF(roulju)jes	SDS DA1	Easterein e.o.	47	34	153	€ -
57	63	Dicky Dick	D.S.	Joure	24	36	153	€ -
58	45	Let's rock, with Al Bundy!!!	S.v.B.	Ljouwert	37	25	151	€ -
59	75	HB	H.B.	Easterein	35	43	151	€ -
60	57	Ajarnox	B.v.d.W.	Easterein	31	30	150	€ -
61	49	November Rain	G.A.T.	Easterein	38	25	149	€ -
62	61	Brothers in Arms	I.d.B.	Skrok	30	31	149	€ -
63	62	Net oer de grins	A.H.	Wommels	46	30	148	€ -
64	69	SC Hinnaard	I.K.	Hinnaard	33	36	148	€ -
65	70	De Toekomst	FT&JvW	Kubaard/ Wommels	37	36	148	€ -
66	55	Vuvuzelaaaa!	R.S.	Wommels	30	27	147	€ -
67	65	PSV Kampioen	J&SW	Wommels	45	31	146	€ -
68	74	Keessie Kwakman	K.A.	Berlyn	43	36	146	€ -
69	59	Stoke City	W&MD	Wommels	37	25	144	€ -
70	71	Gert-Jan Hiemstra	G.J.H.	Easterein	26	33	144	€ -
71	72	The Butchers	L.B.	Easterein	36	31	142	€ -
72	68	Samar 11 fan 11	F.W.	Easterein	46	27	141	€ -
73	67	Super Solo de Boer	E.d.B.	Easterein	37	26	140	€ -
74	73	Stoke City 11	Y.T.	Easterein	39	28	139	€ -
75	78	FC Zwartbroek	TvdP	Wommels	37	32	139	€ -
76	76	Batistuta-team	H.S.	Boksum	41	28	136	€ -
77	66	De Finne sil winne	O.A.	Mantgum	30	21	135	€ -
78	80	Met Wijsheid	K&K&D	Easterein	23	32	131	€ -
79	85	Hawwe net	T&S.O.	Easterein	29	39	131	€ -
80	77	Easpânne	M.B.	Easterein	36	23	130	€ -
81	81	Championship Manager 2009-2010	T.d.B.	Wommels	33	32	129	€ -
82	82	Genot	H.E.	Wommels	24	32	128	€ -
83	83	Sytsinho	S.H.	Wommels	37	29	125	€ -
84	86	FC Supermario	D.R.O.	Easterein	17	35	125	€ -
85	79	De Dobbel	K&K&D	Easterein	28	19	120	€ -
86	84	Atlético Ananas	S.K.	Easterein	31	22	117	€ -

Mar leafst 86 teams hawwe harren ynskreaun foar de SDS League en dan dogge û.o. de Posthumussen(Arie en Appie) en Sibe de Seefûgel net iens mei. Wy snapten der neat fan dat Sibe de Seefûgel net meidocht oan de SDS League, mar no ’t wy de fakansjefoto’s nochris trochrûn hawwe krije wy in idee. Wy seagen Sibe op it strân fan Castricum en hy hie it tige nei syn sin. Soe der dêr bleaun wêze?

Nei 3 wiken oan kop stien te hawwen moatte de “Berrieboys” fan Pieter Sytsma, Frank en Remco Bervoets no in stapke werom dwaan. Hy snapt der sels neat fan mar de nije lieder fan de SDS League is de leider fan SDS-DA1, Bram van Beem. Hy hat krekt 1 puntsje mear as de “Berrieboys”.

“Heitiedopoulos” fan Johan Delfsma pakt dizze wike de wykpriis. Hy hie 51 punten. Dat koe natuerlik ek net misse yn it wykein dat Papadopoulos by SC Heerenveen de lykmakker makke tsjin it altiten lestige VVV.

Der dogge dizze edysje net folle froulju mei oan de SDS League. Mei Jorine(‘s 11), Sc Hinnaard(Immie Kamstra) en “Hawwe net(Sietske Okkema mei har heit), PSV kampioen (Sjanet Wijnia mei har heit) en “Stoke City”(Martzen Deinum mei har heit) en natuerlik de “SuperF(roulju)’s (SDS DA1) hâldt it wol op. Of wy moatte “Team Pussy”(Tsjalinng Sikma) en de beide “Carolienen(plak 32 en 51) meirekkenjen gean.
Opfallend is dat wy oan ’t no ta eltse wike noch in oare nûmer lest hân hawwe. Ynmiddels hawwe “Samar 11 fan 11”(Fedde Wiersma), “FC Supermario”(Doede Rients Okkema) en “Sytsinho”(Sytse Hibma) ûnderoan stien. Op dit momint stiet der wer in Sytze ûnderoan. Sytze Kooistra is no lest mei “Atletico Ananas”

Aant Hofstra hat mei syn team “Net oer de grins” allinnich mar Nederlânse spilers opsteld(Ten Rouwelaar(NAC), Van der Wiel(AJA), Vlaar(FEY), Zonneveld(GRO), Kuiper(TWE), Schaars(AZ), Sibum(NEC), Van Dijk (UTR), Sibon(HEE), Koevermans(PSV) en Kolk(VIT). Dit levere him noch net folle punten op en hy stiet dan ek mar op in 63^{e} plak. Hendrik Eringa (“Ozzy”) hat allinnich mar bûtenlanners opsteld(Romero(AZ), Granqvist(GRO), Bak-Nielsen(HEE), El-Akchaoui(NEC), De Fauw(ROD), De Guzman(FEY), Dzsudzsak(PSV), Honda(VVV), Suarez(AJA), Amoah(VIT) en Ruiz (TWE). Dit levert wat mear punten op. “Ozzy”stiet 18^{e}.
(WW)

Foarútsjen mei Dick

Ynmiddels binne der al inkelde wedstriden fuotballe. Dochs wolle wy yn dizze Treffer noch efkes te witten komme hoe ’t de trainer fan SDS 1, Dick Schuurman it kommende seizoen sjocht.

Hast wat in moaie Jouster Merke hân?
Jasekers. It begûn de woansdeitejun al mei de bekerwedstryd Joure-Twente en we hawwe it moandei ofslúten mei de kermiskoersen. Dêr tuskenien ek noch wol ris in drankje nuttige.

Jim hawwe wat in frjemde start fan it seizoen. Foar it earst yn jierren giet SDS 1 troch yn de beker, mar út de earste 4 wedstriden wurde mar 3 punten helle. Hoe kin dit sa?
Dat hat meardere oarsaken. Foar de beker sieten we net yn ‘e swierste poule, mar dêr hawwe we wol goed spile. Us kompetysje is dit jier swierder wurden wylst de seleksje der net breder op wurden is. Dernêst koene we pas fanôf 10 septimber mei de hiele groep oant wurk y.f.m. keatsen en fakansjes. Derfoar hawwe de measte wedstriden allinnich spylje kinnen mei dank oan de Ajunioren en it twadde.

It liket derop dat der noch net echt in basisalve is. Sa is der noch al wat feroare neffens foarich jier. Tseard en Arnoud fuort, Floris stoppe, Feite der wer by, Skelte foaryn, Tsjipke ris op ‘e back, Tsjalling op ‘e heal. Wat binne dyn ideën dêr efter?
Sommich “keunst”grepen binne út need geboren omdat der net altyd genôch spilers wienen. ‘t Is yndied noch wat sykjen nei de sterkste opstelling. Foaryn hawwe we reedlik wat opties, fandêr dat Tsjalling no op it middenfjild stiet, en ik moat sizze dat pakt hy hiel aardich op. Ik haw fansels wol in ideale basis yn ‘e holle mar troch blessures e.d. hawwe we sa noch net spylje kinnen.

Sommige SDS’ers hawwe it gefoel dat SDS 1 hieltiten mear los komt te stean fan de rest fan de feriening. Sy rinne b.f. yn spesjale klean en sitte op tongersdeitejûn oan in aparte tafel mei eigen meinommen hapkes. Hoe sjochsto dit?
Dat is absolút net de bedoeling. We hawwe deselfde klean als de rest en we sitte tongersdeitejûn oan in tafel omdat de oare bestjoerskeamer dan beset is. Tongerdeis sitte we altyd in heal oerke om ‘e tafel. Ik jou dan wat ynformaasje oer de kommende tsjinstander, we sjogge werom op de ofrûne wedstryd en we fertelle welke spilers mei welk team meigean. Dernêst is er dan tiid om

ek ris tactische saken of iets hiel oars te besprekken.

Wêr sjochsto SDS 1 dit seizoen eindigjen?
We hawwe genôch foutballende kwaliteiten. It komt dernêst ek op de wil om te winnen oan, hoe belibbest de wedstriden. Ik tink dat dat wy dêr noch in slach yn slaan kinne. As it ien kear rint dan hoopje wy boppeoan meidwaan te kinnen yn 'e 2e en/of 3e perioade.

> "As it ien kear rint dan hoopje wy boppe-oan meidwaan te kinnen yn 'e 2e en/of 3e perioade."

Mocht SDS 1 fierder komme yn de beker(as sy winne fan Marrum 1) welke klup soesto dan graach treffe yn de folgende ronde en wêrom?
It leafst haw ik dan noch net in haad- of 1e klasser. Dus earst noch mar in ronde fierder komme. Dernei liket it mei hiel aardich om tsjin Snits (myn âlde club) of WKE (Ned.kampioen) te spyljen.

Hoe komt it dit seizoen mei dyn eigen fuotbaljen?
Ik prebearje 2 fan 'e 3 wedstriden fan Joure 3 mei te dwaan. Dat is in team mei spilers fan myn leeftiid dat noch reedlik op nivo spilet. Puur foar de leut!

Wat hasto mei fûgeltsjes?
Ik bin fan jongs ôf oan in fanatieke ljipaai syker, ik doch ek oan 'e neisoarch. Dernêst haw ik in sûne interesse yn 'e natoer.

Kloppet it dasto yn dyn tiid as spiler fan VV Snits Creatine mei nei hûs krygdest?
Haha, hoe komme jimme oan al dizze ynformaasje? Ja dat kloppet. Soene we heger fan springe, hurder fan rinne en sneller fan herstelle kinne. Wy krigen in téleppel per dei. Ik prate jieren letter ris mei Ronald Zoodsma (follyballer) en die frieten meardere ytleppels per dei, dus ik wit net as it wol wurke hat…

Wat binne dyn ambysjes as trainer?
Ik bin prestaasjegerocht. Miskien gean ik noch wolris foar Oefenmeester 1, krekt als Lyckele Bleekveld no docht. Ik haw wol fan him begrepen dat it in hiel soad tiid en energy freget.

Wa wurdt dit seizoen kampioen yn de 2e-Klasse?
Set dêr mar Ljouwter Sweltsjes del. Der hawwe wy mei 1-5 fan ferlern, dus as sy kampioen wurde is dat krekt ietsje minder erg west.

> "Kampioen 2e-Klasse? Set dêr mar Ljouwerter Sweltsjes del."

(WW)

Trainingsfjildyndieling 2009-2010

Sûnt de foarige treffer is de trainingsfjildyndieling alwer hielendal feroare.
It sjocht der no sa út:

	Efter de sporthal			Foar de klaaiboks
Moandei				
19.00 B 20.15 A	16.30 Sk. Famkes 18.00 D1	16.30 E3 17.30 E2, E4 18.30 E1		17.00 F4 18.00 F1
Tiisdei				
17.00 D2 18.00 D3 19.00 1 20.00 2	18.00 D 19.00 keepers 1,2	18.00 C2 19.00 C1 20.00 3		18.00 keepers C,D 19.00 Da 2
Woansdei				
19.00 B 20.15 A	18.00 F1,2,3 20.00 Da 1	18.30 E1,2,4		18.00 keepers E,F 19.30 keepers A,B 20.15 keepers Da
Tongersdei				
17.00 D2 19.00 2 20.00 1	18.00 C1 19.00 3	18.00 C2		18.00 E3 19.00 D1 20.00 4,5,6

Alde doaze

Zenuwen vertolkten in Oosterend de hoofdrol

S.D.S.—D.W.P. ..... 0—0

Hoewel de indianentooi in het voetbal al gemeengoed is geworden en er uit Oosterend op een gegeven moment een dikke — bijna verstikkende rook over het veld werd gelegd, was er in de strijd tussen de titelkandidaten SDS en DWP (de naam doet alweer aan indianenland denken) nauwelijks van oorlogshandelingen sprake. De heren voetballers zaten — aan het vertoonde spel te zien — boordevol zenuwen en er rolde dan ook een bijzonder matige partij voetbal over de harde en door drainage oneffen grasmat. Hoewel de tweede helft op grond van het veroverde grondgebied duidelijk in het voordeel van de thuisclub was, hield dit niet in dat men de meeste aanspraak op de beide punten mocht maken. Daarvoor was DWP in zijn totaliteit gewoon te goed al liet de defensie, evenals die van SDS bijna fatale steken in het slordige breiwerk vallen. En omdat ook de aanvallers het oorlogspad gebrekkig betraden bleef men in Oosterend van doelpunten verstoken.

met eigen ogen

Volop zon en een strakke, dwars over het veld staande wind waren de vaste gegevens. Daarbij kwamen, niet geheel onverwachts, de zenuwen want er stond tenslotte vooral voor de thuisclub „winst door winst" op het spel. Na een kwartier spelen was er echter nog niets gebeurd wat daarop kon duiden. De enkele schietposities waren voor DWP weggelegd maar de afstand naar doelman Tjerk Okkema onoverbrugbaar. Betere kansen ontstonden door uiterst zwak terugspelen van Pier Zijlstra en Okkema moest op scoringskansen voor Sietse Aardema dan ook zijn capaciteiten aanspreken. En het was door deze situaties ook niet verwonderlijk dat Freek Smink zijn clubgenoot rugdekking ging geven. Het spel ebde daarna spanningloos voort. Het publiek hield zich toen nog koest, ook toen Piet de Jong naar een betere schietpositie rende, maar zich nog zag achterhaald. DWP antwoordde via Sietse Aardema met een schot net naast, waarbij de grensrechter van schrik de (nood?)vlag in de hoogte stak.

Na rust maakte SDS dan haar bedoelingen duidelijk. Tenminste, men drong — hoofdzakelijk over links (Piet de Jong) — aan maar een doelpunt en de beslissing bleef ver weg. Halverwege mocht de voor het eerst na zijn schorsing weer ingezette goalgetter Geert Hiemstra (negen goals in de eerste drie duels) zijn reputatie waar maken. Hiemstra — veel ongeoorloofde middelen gebruikend — was er eenmaal dichtbij toen die slecht stompende Johannes Visser ook in een grondduel een fout maakte. Het liep voor DWP goed af. Een steeds minder overtuigend spelend DWP greep tenslotte naar afbraakvoetbal om de steeds terugkerende acties van SDS een halt toe te roepen. Even nog liet een op resultaat spelend DWP de thuisclub schrikken. Sietse Aardema kon uitbreken maar toen het er op aan kwam niet schieten. Het deed DWP geen pijn.

In een ietwat moeilijke houding en bedreigd door één der SDS'ers weet DWP-doelman Johannes Visser zich toch meester te maken van de bal.

ah

(út it plakboek fan Klaas Okkema in artikel út it FD)

NOPPEN & *Naaldhakken*

oer froulju, fuotbal en oare
belangrike saken

Stoppe: Mirjam Bakker

Wêrom bist stoppe? Ik fûn dy altyd wol in elegante spiler. Fûnst de klean net lekker sitten of net moai stean, rûnst leaver op hakken, wurk, ferkearing, fertel...
Haha! No dankewol. Ik gong altyd mei folle nocht nei it fuotbal en it wie ek echt iets dat ik leuk fûn. Mar op in gegeven momint moast ik gewoan de knoop troch hakje en ha ik keazen foar myn wurk. Dus it wie net dat ik leaver op hakken rinne woe hear!

Wat fûn dyn famylje derfan datst fuotballest? Wienen se ek kritysk at se oan 'e kant stienen?
Myn âlders fûnen it súperleuk dat ik fuotballe. In sportive sport en it wie altyd tige gesellich mei it famme-team. Sa no en dan kaam der ien fan 'e famylje om it hoekje sjen at ik spylje moast.

Wat wienen de moaie kanten fan it fuotbal, en de minder moaie kanten?
Einliks wit ik mear moaie kanten dan minder moaie. Wat prachtich wie, wie it feit dat wy seagen dat wy hieltyd better waarden. Seagest ferbettering. En dan krij je der ek mear nocht yn. Boppedat wie it altyd erch gesellich. In kombinaasje fan lekker mei-inoar sporte en de wille dy't wy der by hienen. De minder moaie kanten fûn ik dat sommige oare frouljus-teams sa oergryslike fel wienen! Efkes stikem ien stroffelje litte en mear fan dit soarte gemene trúkjes. No heart dit natuerlik ek wol wat by it fuotbal, mar dôchs... En spitich natuerlik dat de wedstriden op sneon binne. Ik tink dat dit foar mear minsken in probleem is, want ja, wy binne op in leeftyd dat wy graach wat fertsjinje wolle.

Hoe sjocht no dyn sneon derút?
Ik wurkje eltse sneon by Bakkerij Posthuma. Hjir bin ik winkel-meiwurkster. It bin bêst wol lange dagen, want ik wurkje fan 7.00 oant 17.00 oere. Mar ja, it smyt wol wat op en dêr doch ik it foar!

Fynst it ek spitich datst net mear fuotballest?
Ja, echt oergryslike spitich! Ik hie echt graach trochgien wollen. En foaral omdat ik fan de fammen út it team hear dat se no ek geregeld in wedstriid winne, baal ik hielendal. Ik fyn én de sport én it team erch leuk. Mar wa wit at ik yn de takomst oait ris werom kear op it griene gers!

En fierder Mirjam, foar minsken dy't dy net kinne, fan wa bist ien en wat dochst? Wa binne dyn freonen, wat dochst yn dyn frije tiid, hast ek sa'n hekel oan skoalle, wat wolst wurde, wolst skielk ek op keamers of sjochst dy noch lang thús wenjen, sa sawat...
Ik bin ien fan Anne & Tsjikke Bakker. Ik doch no Marketing & Communicatie op it MBO. Yn myn frije tiid bin ik graach by freonen en ik hâld fan op stap gean. Ik ha gjin flau idee wat ik wurde wol! Wat ik wol wit is dat ik myn MBO helje wol en dêrnei nei it HBO. Lekker op keamers enne....in hiel, hiel protte fan de wrâld sjen!
En wa Mirjam Bakker noch mear is? Jim hawwe har fêst wolris fleanen sjoen...Dat moaie fanke op dy moaie wite scooter mei dito helm. Miskien wol sels fertsjinne... (AS)

Hoe stiet it mei de SDS-senioaren?

Nei 5 kompetysjeronden binne wy wol benijd hoe 't de senioarenteams fan SDS it dogge. Tuerlik docht SDS 1 it net sa goed op it heden, mar benammen SDS 2 hat in hiele goeie seizoenstart. Nei 5 wedstriden steane sy mar leafst dielt twadde tegeare mei Harkemase Boys 2. Flevo Boys 3 stiet boppe-oan mei 1 puntsje mear. Mei wedstriden yn it foarútsjoch tsjin Buitenpost 2, Balk 2, Heerenveens Boys 2 en Leeuwarder Zwaluwen 2 is der sels in mooglikheid dat SDS 2 meidwaan giet yn de striid om de 1e Perioade. Dit binne wy net wend fan SDS 2 dy 't meastentiids nei de winterstop alle punten noch helje moat.
SDS 3 begjint ek net hiel gek oan de kompetysje. Sy hawwe no 7 punten wylst sy foarich seizoen yn de winterstop noch mar 5 hienen.
SDS 4 hat it dreech. Nei 4 wedstriden spile te hawwen hawwe sy noch net in wedstryd wûn en 2 punten. It fuotbaljen by SDS 4 giet best aardich, mar de bal wol mar net yn de goal.
SDS 5 hat noch mar 2 wedstriden fuotballe(en wûn) en stean 3e wylst koprinner BCV 6 al 5 wedstriden spile hat(en wûn). Hjir is dus noch net folle fan te sizzen lykas SDS 6 dy 't noch mar 3 kear fuotballe hat(3 punten).
SDS 1 hat it noch it dreechst mei 3 punten út 5 wedstriden. Sy stean no ien nei lêst en hoopje dat dit der nei de thúswedstryd tsjin Nijland 1 en de lestige útwedstryd tsjin Broekster Boys 1 oars útsjocht. (WW)

Wy hyve mei……

Dizze kear in nijer ûndersyk nei de Hyves-side fan Dennis Dijkstra, enerzjyke fuotballer fan SDS 2.

Dennis syn profielfoto is ien fan Johnny Knoxville, dy fan Jackass idd. Marlies freget har al ôf as dat syn broer is. Wat ek yn it each springt (je kinne der net omhinne) is de ferskrikkelike eftergrûn fan in boat op it strân.
Sjoen it oantal 'hits' (in lytse 9000 sûnt 4 maart 2006) skynt dit foar de measte minsken gjin reden te wêzen om Dennis syn side te checken.

As we op syn profiel ôf gean hat er gjin fêst wen as ferbliuw adres en al hielendal gjin frou en bern. Wy witte fansels wol better, mar jildt dat ek foar efentuele stille oanbidsters berry?

Kwa foto's hat er it better foar elkoar; we sjogge wat ' people i have met at the park ' (libbensgefaarlik ast it my fregest), ' duo penotti ' en in leaflik fotoke mei Mirjam. Fansels kin de legendaryske foto fan it winnende pertoer yn Goeingea in oantal jierren lyn, mei Dennis as kening, net ûntbrekke en as klap op de fjoerpylk Boaz Abe syn earste Ajax sjurt.

Op dit stuit hat er 84 freonen, dy't er fermeitsje wol mei in prachtig filmke fan Jiskefet oer Ajax, wie it net dat de link al moannen lyn fan youtube helle is....

Dennis is ek lid fan ferskeidene oare hyves. Sa ek fan de 'ik heb er geen kracht meer voor hyves' en dy fan ' Borat from Kazachstan', wat seit dit fan Dennis? Gjin idee, krektlyk as dat syn lidmaatskip fan de 'pro-negerzoen hyves' absolut net ferkeard utlein hoecht te wurden. Want hjirneist steunt er ek de 'Aaipop hyves' en fansels de ' SDS hyves ', dy't nedich ôfstoffe wurde moat.

Konkludearjend is de ferhâlding tusken it by hâlden fan syn side en it oantal hits net hielendal yn balâns en moat it dus wol sa wêze dat Dennis in protte krabbelt en dus ek krabbele wurdt. Blykber hat er krektlyn in hiel soad fan dizze berjochten fuort smiten, want hy hat der net in protte op stean.

Benijd wêr't se bleaun binne as wolst wat oars fan him witte? Heakje him ta as freegje him sa yn it foarby gean, das wol sa makkelik! (SVB)

Fuotbalplaatsjes fan SDS by de Jumbo

Fanôf 1 oktober krije jo by 10 Euro boadskippen, by de Jumbo supermerk, in pûdsje mei fuotbalplaatsjes. Gjin ynternasjonale toppers, nee de toppers fan fuotbalklup SDS fan Easterein. De jeugdôfdieling bestiet út sa'n 70% Wommelser jeugd.

Enne Johannes Bruinsma, bestjoerslid fan SDS, waard benadere troch Johan Dijkstra bestjoerslid fan JV Bolsward. Enne: "Johan wurket by de NDC en kaam by my mei de fraach oft wy as SDS ek meiwurkje woenen oan dit nije projekt. It idee is om in plaatsjeboek fan de fuotbalklups RES, JV Bolsward, Makkum en SDS te meitsjen. It boek sil bestean út plaatsjes fan 18 teams. Fansels it 1e alvetal en der komt in retro-side yn mei in âld 1e SDS team. Fierders wurde de bledsiden folle mei plaatsjes fan alle jeugd alvetallen. Wy hawwe in A,B,2 C's, 3 D's, 4 E's en 4 F teams. En net te ferjitten ús froulju team, sy spylje wol yn de senioaren kompetysje, mar binne junioaren".

In berch wurk

"Om al dizze 18 teams op de foto te krijen is in hiele toer, der sille miskien wol in pear lege plakken oerbliuwe", sa fertelt Enne Johannes. "Om alles finansjeel rûn te krijen foel net ta. Lokkich wienen de sponsers dy't wy benaderen hiel posityf. Totaal komme der fan SDS 28.000 plaatsjes yn omrin. Dizze wurde by Hanzedruk yn Boalsert drukt. De NDC hat de fierdere útfiering ûnder lieding fan Johan Dijkstra. De jeugd fan World Servants sil alle plaatsjes yn de pûdsjes dwaan, dat levert jild op foar harren projekten".

De aksje duorret acht wiken, yn de moannen oktober en novimber. Der komme ek ruilmiddeis. Dy wurde bekind makke yn de Boalserter krante. By de kassa fan de Jumbo kinne jo freegje om pûdsjes fan jo favorite klup. By de útjefte fan de pûdsjes mei profesjonele teams stienen geregeld bern de klanten op te wachtsjen om harren om de pûdsjes te freegjen. Dat sil no fêst ek yn Wommels barre. It liket my aanst in prachtich gesicht as de bern de plaatsjes fan harren sels op de skoalpleinen ruilje mei dy fan harren freonen.

Troch Anna-Marie Wijnia-Kuindersma

Sibe de Seefûgel

Wat in wurk

Ik wit net welke sport it no better foarelkoar hat. Bij de iene hawwe se allegear moaie strakke linen, dy't se alle kearen wer útlizze en oprêde en bij de oaren stribje se ek nei strakke linen, mar is de kans op in bochtje wat grutter.

Sa tsjin it wykein oan, flean ik freeds meast fan Skrok ôf, fia Wommels nei de Skoalleseize.

Efkes yn de stimming komme fan it kommende fuotbalwykein. Ik hoech jim net mear út te lizzen dat ik dit allinne mar tidens it fuotbalseizoen doch. En at ik sa tsjin tsienen op sa'n 100 meter hichte oanfleanen kom dan binne dêr meast in man as twa op it fjild oan it wrakseljen. Ja ik neam dat wrakselje want se skowe dêr mei in karke lans de linen, of leaver sein op de linen om se wer wat witer te krijen.

Linen kalkje hjit dat haw ik begrepen en je hawwe der gjin diploma foar nedich. Earder lieten se Harm Bergsma dit sa'n 50 jier jier allinne dwaan en no binne der teams gearstald dy't ûnder lieding fan kalkkoordinator Willem T. tige har bêst dogge om der wat fan te meitsjen.

No tinke jim hij sil de gek wol wer oanstekke mei de kalkers mar dat is seker net sa. It liket mij tige dreech wurk. Ik tink dêrom ek dat it kalkteam selekteard is op basis fan in oantal kapasiteiten en kwaliteiten. In kalker sil oer in izeren kondysje beskikke moatte. De totale lingte dy't hij rinne moate efter it karke om twa fjilden te kalkjen is fergelykber mei de ôfstân fan de Coopertest.

De kalker moat oer in grut konsintraasje fermogen beskikke. Sa dré hij ôflied wurdt is it dien mei de rjochte line. Ek sil de kalker rjocht(en)feardich wêze moatte. Rjocht fan tinken, rjocht troch see, feardich mei de karre.

Mar ûndanks it feit dat de kalkers oer dizze eigenskippen beskikke, kin der wolris wat mis gien. Sa seagen wij in foto fan in kalker yn Ingelân dy't oan hiele oare dingen tocht tidens it kalkjen..

Kalkjen it bliuwt it minskewurk. Ik haw it der hjir yn it fûgelberie op Skrok al in kear oerhân. Wij as seefûgels soene hjir ek wol in rol ynspielje wolle en kinne.

Wij soene best wolris in proef dwaan kinne. Ik sjocht it sa. Leanbedriuw Okkema jarret op freed in flink stik lân yn de buert fan Easterein. It beste soe wêze dat it mei bedoarne jarre dien wurdt. Lân dat krekt jarre is lûkt seefûgels fan hein en fier. En at se harren te goed dien ha oan al dy "ferrotte wjirmen"en it begjint gelyk flink te wurkjen yn de darmen dan regelje ik dat wij dy skiterij hjir op it fjild dogge. Kreas op it rige lizze wij it wite kwakje del. En mei in 1000 seefûgels kinne wij garandeare dat der in moaie strakke line leit op beide fjilden. Linen kalkje: is soe ek fûgelwurk wêze kinne.

Persoanlik

Wij stelle jim graach foar oan	
Namme	Habtamu Emke de Hoop
Berne	16-04-1998
Wommels, Easterein as....	Addis Abeba (Ethiopie)
Skoalle	O.B.S. de Opslag
By SDS sûnt	2004
Team	D1
Gjin fuotbal, dan...	Keatsen
Favorite klup Nederlân	SC Hearrefean
Favorite klup bûtenlân	FC Barcelona
Beste trainer	Remco en Tsjipke-Klaas
Beste fuotballer yn Nederlân	Suarez

Beste fuotballer yn it bûtenlân	Messi
Favorite posysje	Spits
Sterkste punt	Reaksjefermogen
Swakste punt	Troch boas wêzen in wedstriid ferlieze
Moaiste stadion	Abe Lenstra Stadion
Idoal	Messi
Hichtepunt	Oant no ta it kampioenskip mei E1
Djiptepunt	Moat noch komme tink
Beste eigenskip	Trochsette
Slechtste eigenskip	Koart lontsje
Boas om	Ûnterjochte beslissingen fan skiedsrjochters by it keatsen en fuotbal, dan bin ik behoarlik lilk.
Gelokkich fan	In goed libben
Televyzje	Sneins lekker nei de earedivysje sjen
Muzyk	Damoro/Jan Smit: Tuintje in mijn hart
Iten	Pizza
Drinken	Cola
Op fakânsje nei...	Wit ik net, eltse fakansje fyn ik wol leuk
Kampioen Eredivisie?	Ajax

Wurd NL wrâldkampioen yn 2010?	Nee, Spanje
SC Cambuur?	Nee absolút net
Moaiste sjurt	SC Hearrefean, echt Frysk
Lelijkste sjurt	Panathinaikos
Fuotbalskuon	Blauwe Adidas F10
At ik letter grut bin dan....	Wol ik natuerlik proffuotballer wurde
Wolst fierders noch wat kwyt?	Jammer dat fuotbal- en keatswedstriden soms gelikertiid binne

(DYS)

Ledegearkomste

Fuotbalferiening SDS

Woansdei 25 novimber 2009

jûns om acht oere yn ‘e kantine op sportpark de Skoalleseize

Wurklist

1. Iepening
2. Fêststellen fan de wurklist
3. Meidielings en/of reaksjes op notulen en jierferslach
4. Ferslach sponser kommisje
5. Ferslach fan de jongerein kommisje
6. Ferslach fan de TC
7. Jierferslach fan de ponghâlder en fêststellen fan de begrutting
8. Ferslach kaskommisje en ferkiezing nij kommisje lid
9. Fêststellen kontribúsje
10. SKOFT
11. Bestjoersferkiezing:
    - ôftredend: Willem Twijnstra
    - ôftredend: Sietske Okkema
    - ôftredend en opnij te beneamen: André Vink
12. Skoalleseize
13. Rûnfraach
14. Slúting

** It ferslach fan de foarige ledefergadering en it jierferslach kinne jim opfreegje by

immiekamstra@planet.nl

Oant sjen op woansdei 25 novimber oansteande!!!

It bestjoer

It ljocht op in sponser

It ljocht skynt dizze moanne op Monsamabuorren 1 te Hinnaerd. Dêr timmert de famylje Kamstra oan de wei.

Sûnt wannear bestiet Steenhandel Kamstra?
Steenhandel Kamstra bestiet al sa ‘n 5 jier.

Hoe is it safier kaam / ha jim in skoft mei dit idee omrûn?
It is sa stadichoan begûn. Earst hienen we in hannel yn hurdhouten stien planken en
yn de rin fan de tiid is der ek de hannel yn strjitstiennen bykaam en sûnt koart leverje wy ek ferskeidene soarten (sier)grind.

Hat it bedriuw in protte lêst fan de krisis?
We ha net sa folle lêst fan de krisis, it bedriuw groeit noch hieltiid.

Wat is jim spesjaliteit, wat makket it bedriuw unyk?
In echte spesjaliteit ha we net, der binne withoefolle ferskillende stiennen en dat kin
je dan wer yn withoefolle kombinaasjes lizze.
Der binne sawol keur 1 as keur 2 stiennen wat ynhâldt dat sawol foar de grutte as de lytse beurs je by ús oan it goeie adres binne.

Wat is / binne; keur 1 en keur 2 / opsluitbanden en palissadebanden?
Keur 1 stiennen mei neat oan mankearre, keur 2 is wat goedkeaper fansels en hat (soms) wat kleur ôfwiking of der sit ris in stien tusken dy’t licht beskadige is of soms wat dikteferskil.
Opslút bânnen binne bânnen dy’t om it strjitwurk hinne lizze, (faaks 5 of 6 sm dik 15 of 20 sm heech en 1 meter lang) dizze hâldt it san ûnder de stiennen sadat it strjitwurk net fersakket.
Palissade bânnen binne lúkse opslút bânnen, se besteane út rûne of fjouwerkante pealtsjes dy ‘t it strjitwurk wat in oar oansjoch jouwe.

Wat is jim moaiste projekt oant no ta?
It is net ien bepaald moai projekt mar as we sjogge hoe moai at it strjitwurk der dan by de klanten yn leit, jout dat wol in goed gefoel.

Doelen foar de takomst?
Útgroeie ta in renommearre bedriuw, mei goed advys en tiid foar de klanten.

Wolle jim oars noch wat kwyt?
Jawol, stiennen!
Kom gerust ris lâns op Monsamabuorren 1 te Hinnaard.

(SvB)

SDS 1 – Nijlân 1

It geheugen is selectief. Fan de ferskillende wedstriden die ik mei Nylân tsjin SDS spile ha, herinner ik mij foaral de gebroeders Hiemstra. Te stoken, te sûgen en te skoffeljen, mar foaral ek alle ballen te onderskeppen en te rêstich te ferwurkjen, as waard de bal nei hun ta sogen. De keunst foar ús wie om dizze mannen út harren spul te heljen. Sûge, skoffelje en opnaaie wie foar ús it stille credo, om sa de angel út SDS 1 te heljen. At dat slagge makken we goeie kans. Fansels wie SDS mear dan dat, want ek it nonchalante fan Stremler en it krekt wat te fanatieke fan Deinum en de toen oanstoarmjende talinten as Sjaarda stean mij nog goed bij. Anno 2009 stiet der foar in grut part in nij team, ten opsichte fan toen, fjouwer jier en langer lyn. In relatief jonge smelle seleksje, mei in soad kwaliteit, seker twadde klas wurdich.
Nijlân hat sûnt die tiid ek in gruttendiels oar team krigen. Wieger Boonstra en Douwe Posthuma sil de meast bekende âld gedienden yn de seleksje wêze. Johan Eppinga as stille kracht en Marten as routinier yn ‘e goal. Ek in relatief jong team fierder, ek in smelle seleksje mei in soad kwaliteit.
Toch stean beide ploegen ûnderyn mei 3 en 4 punten.
Yn myn eagen ûntbrekt der by beide teams wat: leiderskip. Natuurlike leiders dy’t de boel op sleeptouw nimme. Jonges mei in sterke eigen wil, dwers, eigenwiis, net altiid like maklik, al helemaal net foar trainers, mar wol nedich om te winnen. Want se skoppe, skelle en sûge, sykje it rântsje op en boesemje angst yn bij de tsjinstanders. Yn potinsje rinne se by beide ploegen en ik hoop dat se moarn/sneon opstean. Want dan krije wy in moaie derby te sjen, fair mar op it rantsje mei alles der op en der oan. Dat is geniete en foar iederien it moaist. Nei de tiid drinke we dan even een bierke, wurde de ferhalen steeds wat sterker en giet de wedstriid úteinlik de boeken yn as de moaiste fan it seizoen en is dit it begjin fan in opmerkelike opmars van de doarpsploegen yn dizze twadde klas.
(AFdB)

Doelpuntenmakkers senioren en froulju

	Da1	Da2	S 1	S 2	S 3	S 4	S 5	S 6	tot
Jappie Wijnia						1	10		11
Robert Sijbesma				2	4				6
Jitske Plantinga		4							4
Sieta Tessemaker		3							3
Harm A. Dijkstra							3		3
Ralph Wariman					2				2
Sytze Kooistra					2				2
Hjalmar Ruiter				2					2
Bram Strubbe								2	2
Skelte Anema			2						2
Ype Tiemersma							2		2
Henk Postma				2					2
Myriam de Boer		2							2
Leandro Reitsma								2	2
Jildert Hylkema				1					1
Thomas van der Meer								1	1
Joutsen Okkema	1								1
Ids de Boer								1	1
Arjan Posthumus				1					1
Peter Sijbesma							1		1
Ids Boersma							1		1
Jan Bouke Bouma								1	1
Tessa Booms		1							1
Remco Bervoets					1				1
Tsjalling Sikma			1						1
Folkert R. Vellinga						1			1
Mark Postma				1					1
Rudy Dijkstra						1			1
Eindtotaal	**1**	**10**	**3**	**9**	**9**	**3**	**17**	**7**	**59**

SDS F4

De spilers fan SDS F4 meie dit seizoen foar it earst los yn de kompetysje. Nei in healjier traint te hawwen mochten sy op sneon 5 septimber foar it earst los. Sy spilen yn Easterein tsjin EBC/Delfstrúzen. Spitich genôch ferlearen sy de wedstryd mei 8-4 nei foar stien te hawwen mei 4-2. Dochs hienen de mannen in soad wille. Wyks derop waard ek ferlern. Sy gienen mei 11-1 de boat yn tsjin Sleat F2. Op sneon 18 septimber mocht SDS F4 wer thús fuotbalje en waard mei 5-2 wûn fan Oudega/HJSC. De wedtryd begie wat stroef, want binnen 10 minuten stie SDS al mei 2-0 efter. Lokkich bleaunen de kopkes omheech(sa as altiten) en mochten sy nei mei de rest noch 2-2 te stean, nei de 5-2 de earste 3 punten byskriuwe. In wike letter waard sels mei 11-1 wûn fan Akkrum F6. Sneon 3 oktober sil it wol wat dreger wurde tsjin koprinner LSC. Op sneon 31 oktober spilet F4 wer thús. Sy moatte dan tsjin Heeg F5.

Boppe: Leider Bertus Beckers, Tom Wijnia, Mark Beckers, Kevin den Haan en Anco Bervoets.
Ûnder: Gerhard Hiemstra, Wessel Wijnja, Jesse Noordmans en Jente Schraa.

De mannen(Mark, Anco, Tom, Gerhard en Jente) mei leider Bertus Beckers yn ôfwachting fan de strafskoppen.

(WW)

Ôfskiedswurd

Beste minsken. Hjir sit ik dan,efter it skerm,al tinkend wer sil ik ris begjinne. Om it earst mar dúdlik te meitsjen. Nei fjouwer jier smyt ik de pen yn de wylgen. It skriuwen foar de Treffer sit der op foar my. Dit is yn eigen initiatief beslúten. It leatste heal jier kealle it dreech by my. Motivaasje, ynset en discipline. Die trye punten koe ik net wier meitsje yn myn frywilligerstaak. En as it sa fier dan is,dan moat ik tsjin my sels sizze…it is mooi west. Troch omstannigheden en drokte,sa as Easterein rocks,meardere frywilligersaktiviteiten en hobby's kaam it eins altiten oan op it lêste momint. En dit wie dan echt fan it lêste heal jier. As ik myn stikken werom seach, woe ik it leafst de side omslaan,want ik wist dat it net 'foar de heren' wie. Dêrom myn beslút om der in punt achter te setten. Mar…wa wit…ea noch ris in ludieke aksje,kin altiten no. Toch wol ik noch graach efkes werom blikke op myn jierren yn de Trefferredaksje.
It wie sa'n fjouwer jier lynt,dat Willem my frege hat om yn de redaksje te stappen. Al moat ik sizze,hy hat my wol fjouwer kear frege!! Alinne de earste trije kear kearde it praat al snel om, dat krij jo fan die gesellige feestjes. Mar dan toch. Ik wit it noch as de dei fan juster. Yn it bestjoer sieten Aant, Willem, Sjoerd, Durk O en Metsje.
Aant. As jo tinke oan Aant,tink jo oan die man mei dat burd. No,ik ha respekt foar dizze persoan. As ik tink oan de Treffer en de site,dan tink ik oan Aant en Willem. Dizze twa mannen behere sawat de Treffer en de site yn myn eagen. Aant en Willem,tige tank,foar it oanstjoeren fan alles. Mar ek it corrigeren fan myn typflaters!!(ik wit no al seker dat Willem ek dit stik hat hifkere). Sjoerd. Man nei myn hert. Ik tink dat wy út itselde hout snyt binne. Lyke laks. Mannen fan de tiid. Kin alle frouen krije wa 't we wolle en itselde goddelyke lichem. Durk Okkema. Foar my waard it sels Omke Durk. No,dêr bin net in protte minsken wa dat sizze kin en meie. Dit seit wol wat oer us bân. Durk,de nuchtere en oe sa geseligge man. Stapte foar my der krekt te betiid út, koe it altiten goed fine. Metsje. Spitich ek net folle mei om tafel sitten, marja,oare drokte sa as knippe en skere nimt ek in protte tiid. Wie altiten yn foar in grapke en hat it noch altiten best. Op sich,se hat it goed foar elkoar. Soms freget se my wol ris as ik Jorrit efkes op en del it stran ride wol,dan sliept er yn elts gefol mar wer. No,sa sjoch je mar wer wat fan relaasjes der út in redaksje wei komt. Sa hat ek noch

Sylvia om de hoeke sjoent. Perfektionistisch tot op de bonke!! Super,mar koe har aai better kwyt yn de sponsorkommisje.

People going,people coming

Minken gean en minsken komme. Yn lyts tiidsbestek hat de Treffer twa nye oansichten. En wat foar!! Mei Atty en Dirk-Yde der by,tink ik dat de Treffer wer mei in soad motivaasje,inspiraasje,nije en sawol gebrûklike rubrieken, mei protte nocht troch alle leden,frywilligers en alle belutsen minsken lezen wurd. Beide binne grutte talinten yn dit fak en keare harren rêch net om, om in rubryk mear as minder te skriuwen.

Ik sels kin werom sjen op in leersaam,mar ek foaral in tige leuke tiid. Fansels sil ik bepaalde dingen wol missen gean. En ik kin ek wol foarbylden nimme, mar dy lit we mar binnen de mourren fan de fergaderseal. Sa as elts redaksjelid seit…wat der bart binnen de fergaderromte… júst…bliuwt yn de fergaderromte.

Fia dizze wei,wol ik graach noch in tal minsken tank sizze:

- Yn it bysunder Aant en Willem.
- Alle oare trefferrdaksjeleden mei wa ik gearwurke ha.
- Alle gasten by de gearkomsten(Immie,DDR, Tweetie)
- Elts wa mei wurke hat oan it ta leverjen fan de stikken.
- Alle frywilligers binnen de klup.
- En elts wa ik ferjitten bin!!

Groetnis Gerard. Shalom!!

(GvA)

www.vv-sds.nl

Utslaggen, programma's, foto's, filmkes en alle dagen nijs!

Trefferkes

Dr. Loor?

Harm-Jan Kamstra komt krekt yn de boks neidat hy by Dooitze Nauta west hat dy ‘t him behannele hat oan syn blessearde foet. Der ropt ien; en? Wat sei Dooitze?”. Harm-Jan: “Hy sei dat ik rêstich oan dwaan moat”. Bauke Dijkstra; “Oh, bist by Dr. Loor west”.

Adreswizigingen

Geane je ferhúzjen jou je nije adres dan efkes troch oan Koos Plantinga(tel:0515-332448).

Fuotbalplaatsjes

As it is goed is dan lizze de fuotbalplaatsjes fan SDS ynmiddels al yn de winkel, mar oars dan kinne jim hjirûnder sjen hoe’t sa ’n plaatsje der ûngefear útsjocht:

DWP?

Bote Strikwerda hat in nije baan. Dat wylst hy it noch flink dreech krige yn it sollisitaasjegesprek. Hy waard frege as hy ek wist wêr ’t de letters DWP foar stienen. Bote begreep der neat fan, mar antwurde goed; “De Wite Peal”. Lyk frege hy wêrom ’t sy dat him fregen. Syn nije baas hy efkes yn Google de namme Bote Strikwerda yntikt en kaam doe it folgende stikje as ien fan de earsten tsjin:

DWP út Sneek?

Foar 2 wiken werom moast SDS 2 út nei DWP. Bote Strikwerda siet by de seleksje en stapte by ien yn de auto. Hy rekkene net op in lange reis. Doe 't sy Snits foarby wienen, begie Bote wat nuver om him hinne te sjen. Sy moasten dochs tsjin D(e) W(aterpoort)P(oys) út Snits???

Eredivisie-Live

De Skoalleseize lit ús witte dat sy in abonnemint nimme op Eredivisie-Live. Dit betsjut dat der ynkoarten dus û.o. ek Europa-League-wedstriden fan SC Heerenveen sjoen wurde kinne yn de kantine nei it trainen. Hjir binne wy tige wiis mei.

Meinte-Sixmatoernoai

Zaterdag 24 oktober a.s is het Meinte-Sixmatoernooi. Het is van 9:00 tot 13:00. Het is voor D-, E- en F-pupillen. Graag doorgeven wie meedoet en uit welk

team hij komt i.v.m indeling teams.
Het is een 4 tegen 4 toernooi.
Doorgeven kan bij **bouke.bouma@home.nl**.
Opgeven voor 17 oktober!!!
Ook scheidrechters die willen fluiten die kunnen zich opgeven via dit emailadres.
Graag zo spoedig mogelijk!
groet JC

Fjild oprêde

Achte kolega bestjoers- en kommisje leden,
De ûnderhâlds ploech fan de fjilden rint der hieltyd tsjin oan dat de goals net opromme binne. At je dit mei syn twaen of tryen dwaan moatte is dit bealch fol wurk en it fret tiid.
Soenen we der mei syn allen omtinke wolle dat de goals nei else training oan de kant setten wurde, wol graach tille en net slepe, dus ek at it net de lêste training is. Sa foarkomme we dat der altyd op it selde plak traint wurdt, we moatte de skea beperkt hâlde.
At der in oefening is die oan de sydkant fan it fjild kin dan graach, dit om deselde reden.
Durk Okkema

Nijs?

Hawwe jim noch nijs, foto's, eigenaardichheden of oars ek mar wat wat op de SDS-webside kin of foar de Treffer, mail it dan nei **info@vv-sds.nl** of **DeTreffer@vv-sds.nl**.

"101 redenen om van SC Heerenveen te houden"

Frans Duivis is de skriuwer van in boek dat giet oer SC Heerenveen mei de titel "101 redenen om van SC Heerenveen te houden". Henk Bootsma kin dizze man, en hij frege him as hy ek leuke anekdotes wist te fertellen oer
SC Heerenveen die 't miskien dan opnommen wurde yn dat boek.
Henk is allinnich noch nea yn it Abe-Lenstrastadion west en kin dêr dus ek nea oer fertelle. Hy tocht wol lyk oan de SDS'ers dy 't wol geregeld by SC Heerenveen oan de kant stien hawwe en miskien ek wol wat op papier sette wolle. De mailtsjes meie (yn it Hollânsk) nei Henk Bootsma ta maild wurde (**henkbootsma@planet.nl)**
en hy soarget der dan foar dat sy by de skriuwer komme.
Riemer van der Velde sil it foarwurd yn dit boek dwaan.



Aginda

Wannear?	Wat ?	Hoe let?
10-okt	Nijland 1 - SDS 1	14.30
10-okt	The Shavers yn it Bolwurk	
11-okt	Rûnom Easterein	15.00
14-okt	Futsal: Blauw-Wit '34 2 - SDS 1	21.00
16-okt	Durk Okkema jierdei!	
17-okt	Broekster Boys 1 - SDS 1	14.30
24-okt	Beker: Marrum 1 - SDS 1 en inhaal	14.30
27-okt	"Hard Gras on tour" yn Stjinwyk	
28-okt	Futsal: SDS 1 - Futsal Heerenveen 2	20.30
31-okt	SDS 1 - Heerenveense Boys 1	14.30
01-nov	Ajax - Feyenoord	14.30
04-nov	Futsal: Urk 4 - SDS 1	21.00
04-nov	Webside SDS bestiet 7 jier!!	
05-nov	SC Heerenveen - Hertha BSC	19.00
07-nov	BCV 1 - SDS 1	14.30
14-nov	SDS 1 - Blauw-Wit '34 1	14.30
14-nov	Oef: Nederland - Paraquay yn Heerenveen	20.30
18-nov	Futsal: SDS 1 - Old Forward 1	20.30
19-nov	Treffergearkomst	21.30
21-nov	Beker/inhaal	
22-nov	Ajax - SC Heerenveen	14.30
25-nov	Ledengearkomst vv SDS	20.00
25-nov	Futsal: SDS 1 - ZZVV	20.30
28-nov	Bant 1 - SDS 1	14.30
05-des	SDS 1 - Be Quick Dokkum 1	14.30
05-des	Sinterklaas	
07-des	Futsal: ZVVS 1 - SDS 1	21.10
09-des	Kopydatum Treffer	
12-des	Minnertsga 1 - SDS 1	14.30

SDS-sjaal

Dizze prachtige SDS sjaal is foar 12 euro te keap en te krijen by
Tineke Vink
De Singel 30a
Easterein
0515-333134
famviea@hetnet.nl